



Ferslach Jiergearkomste Iepen DoEk

Moandei 13 maart 2023

Plak: Café Duhoux te Wurdum

Tiid: 20.00 – 22.00

Oanwêzich:

- Gurbe Dijkstra
- Klaas Visser
- Romke Gabe Draaijer
- Theo Smedes
- Frank de Wilt
- Piter Zwart
- Tineke Hemminga
- Tineke Terpstra-Van der Schaaf
- Folkert Kusters
- Monica van der Weij
- Tika Leinenga
- Geert Louwes
- Nynke Heida
- Nynke v.d. Veen
- Jelle Wesselius
- Geertje Wassink
- Joukje Greidanus
- Germ de Haan
- Titia Huisman
- Jildou Hotsma
- oersetter / skriuwer
- foarsitter Teater Snits
- cultuurverbinder Keunstwurk
- cultuurverbinder Keunstwurk
- bestjoerslid Iepen DoEk /
bestjoerslid 'Op mar net ut'e Hichte' Birdaard
- bestjoerslid Iepen DoEk / bestjoerslid Iepenloftspul
Snakkebuorren
- bestjoerslid Iepen DoEk
- BIS
- Keunstwurk
- OKK Himpens
- Projectontwikkeling en -steuning Keunstwurk /
Cultuurcoach Seewyn kunsteducatie
- Nij Bigjin Bakkefean
- De Krite Grou
- Op Nij Feriene Bantegea
- Op Nij Feriene Bantegea
- Op Nij Feriene Bantegea
- De Twa Doarpen
- bestjoerslid Iepen DoEk / bestjoerslid Iepenloftspul De Harkema
- (interim) foarsitter Iepen DoEk
- bestjoerslid Iepen DoEk / skriuwer

1. Iepening

Om 20.00 oere iepent Titia de gearkomste.

Wolkom oan alle oanwêzigen. Der is in moaie grutte opkomst! Dat stemt ús posityf en tige optimistysk.

We begjinne mei in lytse foarstelronde. De oanwêzigen stelle harren yn it koart foar en fan hokker feriening se binne.

We binne in feriening dus dat betsjut dat der elts jier in jiergearkomste hâlden wurdt.

2. Fêststellen aginda

De aginda wurdt fêststeld. As der noch wat is dan kin it dit oanjûn wurde by punt 8 de 'Rûnfraach'.

3. Gearstalling bestjoer

By de foarstelronde hat elkenien hearre kinnen wa as allegearre yn it bestjoer sit.

Titia jout oan dat Frank nij yn it bestjoer mar dat we ek noch nije bestjoersleden sykje. Witte jimme immen dy't belangstelling hat om oan te slúten as wolle jo sels graach yn it bestjoer dan hearre wy it graach! Fan herte wolkom!

4. Jierferslach 2022

It jierferslach 2022 wurdt foarlêzen troch Jildou.

Fragen / opmerkings nei oanlieding fan it jierferslach:

- Romke Gabe jout oan dat it 'Bûtenboarterswykein' noch neamd wurde kin yn it jierferslach. Jildou pakt dit op en set it yn it jierferslach.

Romke Gabe jout útlis wat it 'Butenbuorterswykein' ynhâldt.

Keunstwurk hat tegearre mei Iepen DoEk in wykein organisearre spesjaal foar (semi)profesjonals dy't wurksem binne yn it (amateur) teater fan Fryslân. Der wurde in protte masterclasses organisearre en aktiviteiten.

- Geert freget fan wannear dit jierferslach is. Der wurdt oanjûn dat dit

- Gurbe jout oan dat doe't it noch STAF wie dat StuFt der ek by de stifting yn siet en ek it IFAT. Dat is no net neamd.

Titia jout oan dat it StuFt en IFAT net 'yn' Iepen DoEk sitte mar dat dit gearwurkingen binne. StuFt en IFAT binne op sich sels steande feriening / stifting.

5. Finansjeel jierferslach en begrutting 2023

In oersjoch wurdt ûtdield. Tineke jout útlis oer it finansjeel jierferslach en de begrutting 2023.

Der wurdt oanjûn dat der sinten binne troch de korona krisis. De subsydje is trochgongen en der binne eins gjin aktiviteiten west.

Wy besykje it no en de kommende jierren te ynfestearjen yn it amateurtoaniel en de selskippen.

Alle finansjele saken fan Iepen DoEk rinne fia Keunstwurk. We ha mei Keunstwurk om de tafel sitten om de finansjele saken ynsichtlik te meitsjen en om nije ôfspraken te meitsjen.

Der wurdt frege as it net handiger is as Iepen DoEk it allegearre sels op in bankrekken kriget. As je in folweardige administraasje hâlde wolle dan betsjut dat ek dat alles by ús komt te lizzen. Dat is tefolle foar frijwilligers. It is út praktyske oerwagings dat it by Keunstwurk leit. Der is by beide organisaasjes in protte bard dus kommend jier geane we sjen hoe as it rinnen giet.

Titia jout oan dat der folgjend jier in kaskommisje komme moat. Der binne twa frijwilligers:

1. Joukje Greidanus
2. Klaas Visser

6. Jierplan

It jierplan wurdt fia it skerm dield mei de oanwêzigen.

Wat is de mearwaarde fan Iepen DoEk, wat kinne wy betsjutte foar it fjild. Neist wat Keunstwurk allegearre organisearret. Hoe joue je dit foarm?

Skéma 2023

Jannewaris	-
Febrewaris	-
Maart	- Algemiene ledegearkomste - Lancering website - JongerenTeaterdei
April	- Nijsbrief
Maaie	- Stikken skriuwe litte. Yn gearwurking mei StUFt.
Juny	
July	- Participeare yn de Gouden Gurbe?
Augustus	
Septimber	- Amateurfestival
Oktober	- Start tarieding Sênefestival (april 2024)
November	- Nijsbrief - Evt. earste presintaasje stik

- Algemiene ledegearkomste

Dit is in aktiviteit dy't elts jier wer weromkomt.

- Lancering website

We binne noch drok dwaande om ús website gear te stallen. Hast klear.

- Jongeren Teaterdei

Is west op 12 maart 2023 en wie in sukses.

- Nijsbrief

We besykje ien as twa kear per jier in nijsbrief rûn te stjoeren. En as der in protte nijs is dan stjoere we 3.

- Stikken skriuwe litte. Yn gearwurking mei StuFt

It doel is om gevariearde stikken skriuwe te litten foar de selskippen. Der hat bliken dien by ferienings dat der ferlet is fan nije stikken. Stikken dy't wat mear fan dizze tiid binne en leuk binne om te spyljen. Kans om nije, moderne stikken te spyljen.

Wy noegje in oantal skriuwers, 4-5, út om stikken te skriuwen specifyk foar Fryske amateurselskippen.

Dit projekt wurdt û.o. betelle út de reserves dy't der binne om't der de ôfrûne jierren neat as net safolle organisearre is troch korona. We hoege hjirfoar gjin subsydzjes oan te freegjen. Wy ha de selskippen noadich om út te finen oan hokfoar stikken behoefte is. Der is yn it ferline ek al ynformaasje binnenkommen by Keunstwurk en StuFt. Bygelyks stikken mei jongeren en âlderen tegearre.

Gurbe freget as wy hjir foar frege binne om it sa te dwaan. Piter jout oan dat dit net sa is. Wy ha it al in oantal kearen heard út it fjild en ek fia StuFt kaam it ter sprake. Dat de selskippen graach nije stikken spylje wolle dy't oanslúte by dizze tiid. Stikken dy 't oanslúte by us selskippen.

Moat dit noch hifke wurde by de selskippen? De selskippen jouwe sels it signaal. It komt bygelyks binnen fia Keunstwurk en ek fia it StuFt.

Gurbe jout oan dat der yn it ferline stikken skreaun binne wêr't noait nei omsjoen is by it StuFt. It wurdt noait spile. En sa binne der mear stikken.

Der wurdt oanjûn dat der echt behoefte is oan stikken fan dizze tiid. En de mix fan jongerein en folwoeksenen.

Der sil in projekt (Boost jaan oan stikken foar it Fryske Amateurtoaniel) ûntwikkele wurde yn gearwurking mei Keunstwurk en it StuFt. De útjefte fan de stikken giet yn earsten fia StuFt. En as it projekt goed befalt dan kinne we it miskien noch in ferfolch jaan.

Wat ek wichtich is hoe as de stikken fûn wurde kinne by StuFt. Hokfoar stik past it bêste by ús as feriening? Reviews publisearre bygelyks op de website.

Der wurdt oanjûn troch Theo Smedes dat de Toanielkatalogus apart sjoen wurde moat fan it StuFt. Der kin no net mear socht wurde op oantal spilers e.d. Dat koe foarhinne wol.

Theo jout oan dat hy fanút Keunstwurk wit dat StuFt der mei dwaande is om de Toanielkatalogus los te koppeljen. Want StuFt is in útjouerij en de Toanielkatalogus hat ferskillende útjouers. Dat wolle se eins apart hat.

Der wurdt no sjoen as de Toanielkatalogus ek ûnder Keunstwurk falle kin. As ien loket. Dat is wer in oar projekt. Wol in wichtige!

Fraach oan de selskippen: hokfoar type stikken soene jimme graach spylje wolle?

Der wurdt oanjûn dat hjir ek noch wol publiciteit oan jûn wurde sil. Witte jimme it no al dan kin dat op de mail nei: jildouhotsma@yahoo.com.

Der wurdt oanjûn dat selskippen op ferskillende manieren de stikken útsykje. Der binne selskippen dy't sykje op oantal spilers, as litte it oer oan de regisseur, as it téma is wichtich. Der binne ek stikken foar jongerein noadich.

Klaas Visser fan Snits jout oan dat se krekt in stik oersetten litten ha en foarhinne koene je dêr noch wol wat subsydzje foar krije mar dat kin no net mear. As kin dat noch wol? Der wurdt oanjûn dat der by de Provinsje subsydzje oanfrege wurde kin. Mar dat is wol in 'pot' dy't op in bepaald momint op is.

- Sênefestifal

Is net mear foar dit jier mar foar folgjend jier. We ha gjin slútjûn mear dus der is net mear in moetingmomint foar alle selskippen oanslúten by Iepen DoEk. Sa'n moeting is wichtich. Ek is it wichtich om mekoar wat sjen te litten.

En dêrom geane wy it sênefestifal organisearen yn 2024 yn april. Wy noegje dan alle selskippen út om in sêne te bewurkjen fan it stik wat se it seizoen dêrfoar spile ha. En om dat dan yn in soarte fan festifalcarrousel sjen te litten. Maksimal 10 minuten. Snelle wikselingen. Nije stikken, âlde stikken. It moat noch fierder úttocht wurde mar dat is it plan foar 2024. Nei de simmer begjinne we mei de útwurking.

De earste reaksjes binne entûsjast. Kombinaasje oare stikken te sjen en bygelyks workshops. Yn earsten is it de bedoeling om 1 dei te organisearen dan kinne we miskien yn de takomst der in wykein fan meitsje. Net earst grut meitsje en dêrnei ôfskale dat kin better oarsom. We moatte it earst besykje.

7. Website

Germ jout útlis oer de website. Soe eins al klear wêze mar troch sykte by de ûnderoannimmer is der wat fertraging ûntstien. De basis is der.

De website wurdt simpeler en makliker dan dy fan STAF, moderner en tagonklikker. Germ jout fia it skerm útliz oer de website.

Der wurdt ferteld dat de 'Fraach en Oanbod' pagina fia facebook faciltrearre wurdt. Dat is makliker dan wannear 't men ynlogge moat by in website.

De website wurdt twatalich: Frysk en Nederlânsk. Op de site kinne jo kieze yn hokker taal jo de website lêze wolle.

Lykas op de website fan de iepenloftspullen, kinne de selskippen harren útfieringsdata sels op de website fan Iepen DoEk sette. Der is in back-up beskikber dy't men freegje kin om útliz.

Wannear de website klear is, dan litte we it witte! As je dan sykje op STAF dan geane jo automatysk nei de nije site fan Iepen DoEk.

8. Rûnfraach

- Piter jout oan dat der noch in oanfulling is op de gearkomste. Dat is partisipeare yn de Gouden Gurbe. De LC hat Keunstwurk en Iepen DoEk benadere om mei te tinken oer de takomst fan de Gouden Gurbe. De Gouden Gurbe is eartiids betocht troch de kultuerredaksje fan de LC. Mar om't de LC in kommersjele organisaasje is en dêr is ek ferrin fan minsken dan is de Gouden Gurbe net borgt.

Keunstwurk en lepen DoEk binne no yn oerlis mei de LC om te sjen hoe as wy dat yn de takomst in ferfolch jaan kinne.

Taheakke: It stoppet net mar we prate der oer om de Gouden Gurbe takomstbestindich te meitsjen.

- Titia jout oan dat wy benadere binne troch Maaïke Wijnja út Drylts. Sy hawwe dêr in oantal kear in 'Luisterfestival op locatie' organisearre. En se wolle dat no eins mei teater dwaan. Se binne op syk nei selskippen as minsken dy't belangstelling ha om in koarte foarstelling, in heal oere ûngefear, op lokaasje yn Drylts út te fieren. De datum is noch net bekind. Mochten jimme minsken kinne as it sels wolle dan bringt Titia jim graach yn kontakt mei Maaïke.

- Fersekering: hoe sit it no mei de fersekering fia lepen DoEk?

De fersekering fia lepen DoEk is in Bedriuws-oansprakelikeidsfersekering foar ferienings. Feitelike oansprakelikeid. In moai foarbyld is dat je bygelyks yn in stik in brommer brûke en dy brommer fljocht yn de 'porseleinkast' fan in horekasaak... Dan is it porselein yn dizze kast fersekere.

Let op: it is net in bestjoersoansprakelikeids-fersekering. As der immen der mei de kas fan de feriening fan trochgiet dan is dat **net** fia lepen DoEk fersekere. Dat moatte de selskippen sels regelje.

- Gurbe: der is foar korona al in kear sprake west dat der in soarte fan workshop / kursus komme soe hoe as je stikken lêze kinne. Binne jimme fan doel om dit noch út te fieren? Der wurdt beslúten dat we dit oppakken gean yn it bestjoer.

- Tika Leinenga: tip foar Klaas Visser fan Snits: jimme kinne miskien ek by de gemeente in bedrach oanfreegje foar 'taalbehoud' en dat ynsette foar it oersetten fan it stik. Miskien kinne jimme dêr ek oanklopje foar in stipe.

9. Ofslúting

Om 21.10 oere slút Titia de jiergearkomste. Der wurdt noch in drankje oanbean. Dank foar jim kommen en wol thús!